


2. De tsjerketoer

Ferline wike stie der in autobuske neist de tsjerke. Dêr kamen twa mannen út. Hja hiene in wite oerstrûper oan. Lange touwen hongen oer har skouder en hja hienen in grutte izerene bak yn 'e hân. Yn dy bak leine hammers, knyptangen, spikers en noch folle mear. Tytsje wie alhiel fan slach. "Wat moatte dy keardels hjir Tynus?"



No, dêr kamen wy gau efter. Hja gongen yn de toer dêr't de klokken hingje. Dat is fansels net sa frjemd. De klokken moatte wolris neisjoen

wurde en ek de klok dy't de oeren slacht sil wolris in dripkje oalje hawwe moatte. Doch wienen Tytsje en ik wol wat ûngerêst.

Yn dy toer wennet ien fan ús bêste freonen. Dat is Roelof de Roek. Hy wennet dêr al in pear ier. De kosten sil it grif wol witte want Roelof sleept ek wolris in tûkebult yn de toer. Roelof de Roek is ek net sa hiele oprêderich. Hjir en dêr bout hy syn nêst en de brol fan it âlde nêst lit er lizze. Roelof de Roek mei eins net yn de toer wenje.

De iepenings fan de grutte galmgatten binne tichtmakke mei ferskriklik sterk hinnegaas. Dat gaas hat de kosten dêr fansels opspikere. Hy hat in hekel oan brol. Mar in pear ier ferlyn hat Roelof de Roek oan in ferrustke stik gaas omskuord. Hy hie krekt salang skuord oant der in gat yn dat gaas kaam dêr't hy troch krûpe koe.

Sûnt dy tiid is Roelof de Roek ús freon. Hy fertelt ús in protte nijsjes út it doarp. Hy warskôget mei syn skelle lûd as der in kat oanslûpen komt. Hy bringt ús syn fearkes as hy oan it ferfearjen is.

Dy âlde fearkes brûkt Tytsje foar de bêden. Dêr sliepe ús bern hearlik waarm ûnder yn de kâlde winter. No begripe jimme wol dat Roelof de Roek ús freon is! Dy beide mannen dêr yn de toer, dêr hienen wy mar wat in hekel oan. Tytsje sei: "Toe Tynus, gean gau nei bûten.

Miskien is Roelof de Roek net yn de toer en dan kinsto him warskôgje foar dy mannen". Ik draafde nei bûten en ik hie gelok! Roelof de Roek siet op in ôfwaaide tûke yn de tún fan de dominy. "Roelof, do moast net nei dyn nêst gean hear.

Der binne keardels yn dyn hûs", rôp ik lûd.

"Ja", sei Roelof, "Ik seach se al fan fierren oankommen. Myn eagen binne och sa skerp. Ik tink dat dy mannen it gat yn it gaas ticht meitsje. Dat fyn ik wol spitich, want dan kin ik dêr net mear sliepe no Tynus?" Ik sei dat Roelof grif wol yn it koetshûs fan de dominy sliepe mocht. Dêr sitte dôchs genôch gatten ûnder de pannen dêr't Roelof troch krûpe kin. Sa binne wy doe ôfpraat. It gat yn de toer is tichtmakke troch dy mannen. Us freon Roelof de Roek wennet no yndied yn it koetshûs. No hoopje ik wol dat Roelof dêr net in protte rommel makket, oars wurdt hy dêr ek wer weiballe. Dy beide mannen hawwe de hiele tsjerke troch west om te sjen oft alles yn oarder wie. Us oare freonen, de flearmûzen wenje lokkich noch wol yn de toer. Dy kinne troch sa'n lyts gatsje krûpe... Oer ús freon Roelof de Roek fertel ik jimme in oare kear noch wol mear, want hy hat ek in moai fakânsje-aventoer hân mei muoike Akke út Hitsum.

No, oant 'e oare kear. Goeie! Tynus, de tsjerkemûs fan de Terp.